

Parseberjocht

# Beklimmers 7: The wisdom of the crowd

17 maaie 2021

**Is Fryslân de ideale proeftún om te eksperimintearjen mei demokratyske fernijing? Dy fraach besiket FryslânDOK te beäntwurdzjen yn diel 7 fan Beklimmers fan it flakke lân, te sjen op 22 maaie by NPO2 en op 23 maaie by Omrop Fryslân.**

Friezen hawwe in lange histoarje mei demokrasy. Yn de Midsiuwen wienen de Fryske lannen de iennichste regio yn West-Europa dy't net ûnder in sintraal feodaal gesach lei. Sterker, de Friezen hienen net iens in eigen sterk sintraal bestjoer. Mei lokaal oerlis en útwikseling fan ideeën kamen de ynwenners ta har besluten. No't de lanlike polityk yn in fertrouwenskrisis sit en omdat de ûnfrede op it plattelân rjochting Den Haag tanimt, soe Fryslân wolris in ideaal plak wêze kinne om te eksperimintearjen mei nije foarmen fan demokrasy.

**Boargers dy't meiprate**
Heechlearaar 'Global & local governance' Caspar van den Berg wol Fryslân en Seelân oanwize as laboratoaria foar in demokratysk eksperimint. Van den Berg fynt dat de tanimmende macht fan 'tuskenlagen' lykas de Veiligheidsregio in bedriging foarmje foar de demokrasy.

Riejanne Bouma fan Warns wol in stap fierder. Sy tinkt dat boargers direkt meiprate moatte oer grutte maatskiplike besluten. Bouma wie ien fan de inisjatyfnimmers fan de Friese Burgertop yn 2020.

Johannes Lankester fan Loaiïngea helpt inisjatyfnimmers mei nije ideeën har paad te finen yn it labyrint fan regels en wetten dy't oerheden klearlizzen ha om de fernijers te ûntmoedigjen.

**Beklimmers fan it flakke lân**
'The wisdom of the crowd' is diel 7 fan 'Beklimmers fan it Flakke Lân', in searje FryslânDOKs oer fernijende ideeën foar it plattelân.

**FryslânDOK: Beklimmers fan it flakke lân 7**
Sneon 22 maaie, 15.30 oere, NPO2 (werhelling 23 maaie 13.10 oere)
Snein 23 maaie, 17.00 oere, Omrop Fryslân (werhelling alle oeren)
*FryslânDOK wurdt Nederlânsk ûndertitele*

## Noat foar de redaksje

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Publyk fan Omrop Fryslân: 058 299 78 76
Boarnefermelding ôfbylding boargerinisjatyf: Marije Dijkstra.
Oare ôfbylingen: Omrop Fryslân.

Omrop Fryslân

Kom fierder



Persbericht

# Beklimmers 7: The wisdom of the crowd

17 mei 2021

**Is Fryslân de ideale proeftuin om te experimenteren met democratische vernieuwing? Die vraag probeert FryslânDOK te beantwoorden in deel 7 van 'Beklimmers van het vlakke land', te zien op 22 mei bij NPO2 en op 23 mei bij Omrop Fryslân.**

Friezen hebben een lange historie met democratie. In de Middeleeuwen waren de Friese landen de enige regio in West-Europa die niet onder een centraal feodaal gezag lag. Sterker, de Friezen hadden niet eens een eigen sterk centraal bestuur. Met lokaal overleg en uitwisseling van ideeën kwamen de inwoners tot besluiten. Nu de landelijke politiek in een vertrouwenscrisis zit en omdat de onvrede op het platteland richting Den Haag groeit, zou Fryslân wel eens een ideale plek kunnen zijn om te experimenteren met nieuwe vormen van democratie.

**Burgers die meepraten**
Hoogleraar 'Global & local governance' Caspar van den Berg wil Fryslân en Zeeland aanwijzen als laboratoria voor een democratisch experiment. Van den Berg vindt dat de toenemende macht van 'tussenlagen' als de Veiligheidsregio een bedreiging vormen voor de democratie.

Riejanne Bouma uit Warns gaat een stap verder. Zij denkt dat burgers direct moeten meepraten over grote maatschappelijke besluiten. Bouma was één van de initiatiefnemers van de Friese Burgertop in 2020.

Johannes Lankester uit Loënga helpt initiatiefnemers met nieuwe ideeën hun weg te vinden in het labyrinth van regels en wetten die bij overheden klaarliggen om de vernieuwers te ontmoedigen.

**Beklimmers van het vlakke land**
'The wisdom of the crowd' is deel 7 van 'Beklimmers van het vlakke land', een serie FryslânDOKs over vernieuwende ideeën voor het platteland.

**FryslânDOK: Beklimmers van het vlakke land 7**
Zaterdag 22 mei, 15.30 uur, NPO2 (herhaling 23 mei 13.10 uur)
Zondag 23 mei, 17.00 uur, Omrop Fryslân (herhaling ieder uur)
*FryslânDOK wordt Nederlands ondertiteld*

## Noot voor de redactie

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Publiek van Omrop Fryslân: 058 299 78 76
Bronvermelding afbeelding bugerinitiatief: Marije Dijkstra.
Andere afbeeldingen: Omrop Fryslân.